

WURDT IT NOCH WAT?

Sytze T. Hiemstra

Yn in brief oan alle leden fan de Twadde Keamer hat de *Feriening Frysk Underwiis* op 24 augustus 2009 syn soarch útsprutsen oer de stadige gong fan saken as it om beslútfarming oer it belied oangeande de Fryske taal giet.

De FFU hat him sawat in jier earder, op 15 septimber 2008, mei út namme fan de Ried fan de Fryske Beweging en in Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, ta de ministers fan OCW en Binnenlânske Saken en de leden fan de Twadde Keamer rjochte oer it tapassen fan it *European Charter for Regional or Minority Languages* op de Fryske taal. In pear wike letter berjochte de griffy dat de brief yn in prosedueregearkomste fyn de Fêste Kommisje foar OCW behannele wie en dat oan de beide ministers frege wurde soe om in reaksje. As dy reaksje ynkommen wie, soe de Fêste Kommisje de FFU witte litte oft en hokfoar stappen nommen wurde soene. Dy reaksje wie der yn augustus 2009 noch net en dêrom loek de FFU mar wer ris oan de skille.

Wol hat de FFU op 18 desimber 2008 in reaksje fan Steatssekretaris Dijksma krige, mar dy kundige *net* oan dat der in wetlike ferplichting komme sil foar it ûnderwiis yn it Frysk. Soks is yn striid mei it Europeeske Hanfêst, want ‘der *kin* ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde’ is net itselde as ‘der *wurdt* ûnderwiis yn it Frysk jûn’. Neffens de FFU moat dat fersom yn in reparasjewet sa gau mooglik goedmakke wurde. Salang’t de Provinsje gjin eigen sizzenkip op dat mêd hat, moat soks allegearre yn De Haach regele wurde, en dan eint it net. Fanwegen de urginsje fan fiergeande maatregels foar it Frysk yn it ûnderwiis kin net wachte wurde oant de kommisje Hoekstra syn wurk dien hat. It is no al tritich jier lyn dat de eardere ‘Rykskommisje Frysk yn it bûtengewoan

ûnderwiis’ syn foarstellen dien hat! Deselde urginsje jildt ek foar it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis.

Underwilens hat it ‘Konsultatyf Orgaan Fryske taal’ yn syn brief fan 23 maart 2009 oanjûn wat yn de kommende twa jier feroare wurde moat. De helte fan alle urginsjes slacht op it ûnderwiis, û.o. op it gau oanpassen fan artikel 11 fan de wet op it fuortset ûnderwiis. Fierders op it ûntwikkeljen fan in minimumstandert, it hanthavenjen yn it basisûnderwiis, de ynspeksje, it foech fan de Provinsje om de kearndoele skiednis oan te passen en it oplossen fan it tekoart oan learkrêften mei foech.

De FFU ûnderstreket dy urginsjes en trunet Keamer en Kabinet oan om op tige koarte termyn de needsaaklike maatregels te nimmen, hoe’t de útkomsten fan de Stjoergroep Hoekstra ek wêze meie.

It folsleine brief fan 24 augustus 2009 en it tige wiidweidige brief fan 15 septimber 2008 dêr’t nei ferwiisd wurdt, binne ek oan te klikken op it webstek fan de FFU: www.fryskebeweging.nl/ffu/útgeandebrieven2009 (24-08-2009).